

- Ûnderwerp** : Demokratyske fernijing yn Fryslân
Beliedsprogramma : Opjefte Gearwurkjend Fryslân
Registraasjenûmer :
Portefúljehâlder : Kommissaris fan de Kening A.A.M. Brok
- Behanneljend amtner** :
- Oanlieding** : Yn it Fryske Bestjoersakkoart wurde yn haadstik 9 ambysjes foar ‘Gearwurkjend Fryslân’ beskreaun. Maatskiplike fraachstikken binne hieltyd faker sa kompleks dat se net mear troch ien partij oplost wurde kinne. Yn de maatskippij as gehiel sit in soad kollektive krêft, it benuttigjen dêrfan foarmet in weardefol ûnderdiel fan de demokrasy.
- Yn april 2020 is de diskusjenotysje *Fernijing yn Fryslân* opsteld. Dêr wurdt in tal útstellen yn sketst om yn de praktyk ûnderfining mei demokratyske fernijing op te dwaan en de dialooch te stimulearjen. De notysje is bedoeld as útnûging oan oare partijen om it petear oan te gean en mei-ienoar ynfolling te jaan oan bestjoerlike en demokratyske fernijing.
- Europeeske kontekst** : Ynternasjonaal wurde ynteressante stappen op it mêd fan demokratyske fernijing set. Yn Reykjavik en Estland wurdt bygelyks fia online panels de politike wurklist mei fêststeld en wurde op dy manier sels wetsútstellen formulearre en oan it parlemint foarlein. Yn Madrid wurdt in partisipaasjeplatform brûkt om alle jierren 100 miljoen fan it stedsbudzjet yn ‘e mande mei de bewenners te ferdielen.
- Fan de kant fan de Europeeske Kommisje is der ek hieltyd wer omtinken foar demokratyske fernijing en boargerskip. Der binne programma’s oer tema’s as ynklusive mienskip en digitaal boargerskip.
- Troch LF2018 hat Fryslân ynternasjonale kontakten opboud dy’t benuttige wurde kinne by it ferkennen fan Europeeske gearwurking op dat mêd.
- Koarte gearfetting** : Yn april 2020 is de diskusjenotysje bestjoerlike fernijing opsteld, as oanset foar in dialooch oer de fraach: hoe jouwe wy yn Fryslân ynfolling oan nije foarmen fan gearwurking en demokratyske prosessen dy’t yn de tiid fan no passe? Yn de notysje wurdt in tal maatskiplike ûntwikkelingen op in rige set en fan útstellen foarsjoen om mei Fryske oerheden, ynwenners en oare partijen ynfolling oan demokratyske fernijing te jaan. Op basis fan ynput fan it Presidium en eksterne meitinkers binne de útstellen fierder útwurke, dy útwurking wurdt no oan jimme Steaten foarlein.

- Beslútpunten** : 1. Fêststellen fan de diskusjenotysje demokratyske fernijing *Fernijing yn Fryslân* as útgangspunt fan de maatskiplike dialooch.
2. Yn te stimmen mei de útsellen sa't dy by 'Probleem-oplossing' (side 4 oant en mei 8) beskreaun binne:
1. *it realisearjen fan in Frysk digitaal partisipaasjeplatform;*
 2. *it benuttigjen fan panel Fryslân (Fries Sociaal Planbureau) foar it oanfoljend digitaal rieplachtsjen;*
 3. *it mear benuttigjen fan de tinkkrêft fan de netwurken yn Fryslân en dêrta in ûntwikkelgroep yn it libben te roppen;*
 4. *it útfieren fan in boargerberie;*
 5. *it ynstellen fan in steatewurkgroep mei as taak it format startnotysjes foar eksterne inisjativen oan te passen;*
 6. *it opdracht jaan oan de gryffy om kritearia en in prosedure te ûntwikkeljen foar it earder agindearjen fan inisjativen;*
 7. *as útgangspunt te hantearjen dat budzjetten foar nije beliedswinsken by foarkar oan besteande budzjetten op itselde beliedsfjild tafoege wurde;*
 8. *dat 10% fan budzjetten oant it lêste bestegingsjier frijhâlden wurde moatte foar ûnferwachte kânsen/ inisjativen;*
 9. *in dialooch/ferkenning yn de ambassadeursgroep oer draachflak foar steate-akkoart of mienskipsakkoart organisearje, by draachflak in wurkgroep ynstelle foar ûntwikkeling fan útsellen dêrta.*

- Taheakke** : 1. Diskusjenotysje demokratyske fernijing *Fernijing yn Fryslân*.

- Taljochting** : De rolferdieling tusken oerheden en de mienskip ferskoot. Yn Fryslân is in soad dynamyk oangeande foarmen fan bestjoerlike en demokratyske fernijing. Oangeande ferskate maatskiplike opjeften wurde, yn 'e mande mei bewenners en maatskiplike partijen, fernijende partisipaasje-prosessen organisearre. Tink oan enerzjy, feangreide, lânbou en natoer. Dat slút ek oan by it konsept fan *brede wolfeart*, want dat easket ûnder oare in yntegrale oanpak en it beheljen fan partners en ynwenners dêrby yn it kreëarjen dêrfan. Dêrneist spilet it gefoel fan betrouwen yn ynstitúsjes in rol by brede wolfeart.
- Yn de Fryske bestjoerlike gearwurking oerlizze de ferskate Fryske oerheden periodyk oer hoe gear te wurkjen en nimme dêrta ek inisjativen. Troch de Fryske mienskip binne twa boargertoppen organisearre, is hast de helte fan de Nederlânske enerzjy-koöperativen Frysk, wurdt de provinsje útdage op mêden as brêgebetsjinning en natueroankeap en -behear.

Ek op oare plakken yn it lân eksperimintearje oerheden mei foarmen fan demokratyske fernijing. Yn gemeenten as Rotterdam, Amsterdam en Ede hawwe bewenners sizzenskip oer wyk-budzjetten. In greep út de foarbylden by provinsjes: Noord-Holland finansieret in mjitnetwurk foar ynwenners om minsken by steat te stellen it tsjin Tata Steel op te nimmen, sadat sy ûnderbouwe kinne hoe grut oft it sûnensrisiko foar harren is. Noord-Brabant hat by it meitsjen fan de Omgevingsvisie ynset op it krijen fan mei-eigenerskip fan ynwenners foar dat belied fia de oanpak *Brabant Pioniers*. Overijssel is yn 'e mande mei stêden de oantruner fan in *stadsbeweging*, wêryn't se lokale inisjatyfnimmers stipet en mei-inoar ferbynt om sa regionale en provinsjale aginda's safolle mooglik, mei help fan lokale aginda's en de belibblingswrâld fan de ynwenners, op te bouwen.

Probleemstelling : Hoe kinne wy:

1. digitale mooglikheden mear benuttigje om beslútfoarmings- en partisipaasje-prosessen te stypjen en tagonklik te meitsjen foar ferskate ynwennersgroepen;
2. de tinkkrêft en enerzjy út de mienskip mear benuttigje by it wurkjen oan maatskiplike fraachstikken en hoe kinne wy better op maatskiplike inisjativen ynspylje (omjouwingsrjochte wurkje);
3. as Fryske oerheden ûnderling better gearwurkje, sadat ynwenners ús hieltyd mear as ien oerheid fiele;
4. in rolynfolling fan bestjoerders en politisy fine dy't by moderne partisipaasje- en beslútfoarmingsprosessen past.

Probleemanalyze : *Better benuttigjen fan digitale mooglikheden: tagonklik wêze*
De wrâld digitalisearret. Mar de ynset fan nije digitale middels yn belieds- en beslútfoarmingsprosessen en as helpmiddel by de provinsjale útfiering komt noch mar stap foar stap op gong. De fraach is hoe't wy digitale mooglikheden mear benuttigje kinne, om as oerheden better by ideeën, winsken en kennis yn de maatskippij oan te sluten en ússels foar ferskate ynwennersgroepen mear tagonklik te meitsjen.

Maatskiplike tinkkrêft wurdt noch net optimaal benuttige

De tradisjonele rolferdieling tusken oerheden en oare maatskiplike partijen ferskoot. Dy oare partijen wolle hieltyd mear behelle wurde (partisipearje) yn it meitsjen en útfieren fan oerheidsplannen. Dêrneist komme ynwenners en organisaasjes hieltyd faker sels mei plannen en inisjativen dy't (mei) ynfloed op publike wearde hawwe. As oerheid is it needsaaklik likegoed as in kâns om dêr better by oan te sluten, want it benuttigjen fan maatskiplike tinkkrêft liedt ta bettere plannen en mear belutsenens.

De needsaak fan it wurkjen as 1 oerheid

Maatskiplike fraachstikken binne hieltyd faker sa kompleks dat se net mear troch ien partij oplost wurde kinne. Bettere gearwurking tusken oerheden is dêrom nedich. Ynwenners en maatskiplike partijen binne net ynteressearre yn besteande ferskillen tusken oerheden: sy wolle dat 'de oerheid' fragen fluch beäntwurdet en harren helpt, mei each foar de minskelike maat. Ek de nije Omgevingswet freget fan oerheden om as 1 oerheid gear te wurkjen.

Moderne rolynfolling politisy

Nije foarmen fan gearwurking en partisipaasje freegje somtiden ek in oare rolynfolling fan politisy en bestjoerders, dy't yn de tiid fan no past. Tink oan in ferskowing fan besluten efterôf nei skerpere ramten yn 't foar, fan in skerpe skiedsline tusken koälysje en opposysje nei folle mear koälysjes nei ûnderwerp. En oan in ferskowing fan formele ynfloed nei ynhâldlike ynfloed troch politisy dy't mear mei ynwenners en maatskiplike partijen yn ferbining steane.

Doelstelling / beëage effekten: : Yn de notysje Demokratyske fernijing wurde trije doelen ûnderskaat:

- in Frysk bestjoer dat it ferskil makket: in rolynfolling fan politisy en bestjoerders dy't yn de tiid fan no past en dêrtroch it betrouwen fan ynwenners befoarderet;

- in oerheid dy't omjouwingsrjochte en yntegraal wurket: troch ynwenners en oare partijen derby te beheljen en sa te soargjen foar bettere plannen en mear maatskiplike belutsenens;
- Fryske oerheden dy't foar de ynwenners as 1 oerheid funksjonearje: derfoar soargje dat it foar de ynwenners fan Fryslân net mear útmakket by hokker oerheid as se oanklopje, om't dy mei-inoar foar de boarger as 1 oerheid funksjonearje.

Risiko's

: *Persepsje fan 'in provinsjaal trajekt'*

De diskusjenotysje is bedoeld as útnûging oan alle partijen yn Fryslân foar it petear oer bestjoerlike/demokratyske fernijing en it ûntwikkeljen fan mienskiplike eksperiminten. Oan besprek fan de diskusjenotysje yn Provinsjale Steaten klibbet it risiko dat it liket dat it om in provinsjaal trajekt giet.

Utinoar rinnende ferwachtings

Oer demokratyske fernijing libje faak ûnderskate ferwachtings. Dat kin derta liede dat prosessen net ferrinne sa't alle partijen ferwachte hiene en/of dat mei útkomsten minder dien wurdt as hope waard. Foar it sukses fan bygelyks boargerinisjativen, konsultaasjes en boargerberieden is it dêrom krúsjaal de ferwachtings oan te stjoeren en fan it begjin ôf dúdlik te wêzen oer hoe't de ynbring yn de formele politike beslútfoarming troch wurket. Foar alle foarmen fan bestjoerlike/demokratyske fernijing yn dit útstel jildt ek dat se mear of minder 'fiergeand' útfierd wurde kinne.

Ynklúzje

As lêste is in bekend risiko fan 'âlde' likegoed as nije foarmen fan demokrasy dat hieltyd deselde minsken partisipearje. Twa fan de hjirnei presintearre útstellen jouwe garânsje foar partisipaasje troch in represintative groep: it digitale panel Fryslân en it boargerberie. By de oare foarmen kin troch in doelfêst útnûgingsbelied ek in alle gefallen foar in part foarkommen wurde dat allinne de fêste partijen opdûke. Ek is de tagonklikens fan (digitale) partisipaasjefoarmen en omtinken foar kwetsbere groepen wichtich. Biblioteken en oare leechdrompelige netwurken kinne in rol spylje by it trochferwizen fan minsken nei partisipaasjemooglikheden/-platforms.

Probleemoplossing : Passend by de fjouwer punten dy't by de probleemstelling steane en op basis fan ynput fan de PS-ambassadeurs demokratyske fernijing en eksterne meitinkers binne fjouwer útstellen ûntwikkele. De bettere gearwurking tusken de Fryske oerheden is net yn in apart útstel útwurke, mar makket ûnderdiel út fan de earste trije útstellen.

1 Digitaal rieplachtsje

Doe fan it digitaal rieplachtsjen is it bieden fan tagonklike, digitale foarmen fan it aktyf dielnimmen fan boargers yn beliedsfoarming, útfiering of sels beslútfoarming. Oerheden kinne platformen kreëarje of stypje, dêr't

ynwenners de gelegenheid krije om harren stim hearre te litten.

1a Partisipaasjeplatform: yn gearwurking mei oare (Fryske) oerheden wurdt in mienskiplik partisipaasjeplatform ûntwikkele. Alle Friezen kinne fia sa'n platform ûnder oare ideeën ynbringe, dy (mei-inoar) fierder ûntwikkelje, op útstellen stimme of syn of har miening jaan oer maatskiplike ûnderwerpen of politike kwestjes.

Op it stuit rint in ferkenning foar in digitaal platform (fan de mienskiplike Fryske oerheden) foar maatskiplike inisjativen dêr't by oansletten wurdt, ek wurdt de mooglikheid fan in mienskiplik Frysk open source partisipaasje-ûnderdiel ferkend. De foardielen fan gearwurkje mei oare oerheden is dat minsken net nei ûnderskate platformen hoege te gean, dat wy foarm en ynhâld oen de 1-oerheidsgedachte jouwe en dat de kosten foar de technyske ynfrastruktuer, it behear en de kommunikaasje dield wurde kinne (efficiency).

Planning:

- febrewaris en maart 2021: ferkenning digitale ynstruminten/platformen
- april 2021: kar en seleksje platform
- maaie - sept 2021: opdracht jaan, prototype bouwe, behear (besetting) organisearje, platform ynrjochtsje
- twadde helte fan 2021/earste helte fan 2022: leare & eksperimintearje mei partisipaasjeplatform

1b Digitaal panel Fryslân: oanfoljend op it nije digitale partisipaasjeplatform is it útstel om it digitale panel Fryslân fan it Fries Sociaal Planbureau (FSP) te benuttigjen.

In iepenbier tagonklik platform, lykas hjirboppe beskreaun, biedt alle ynteressearre minsken in plak om harren stim hearre te litten. Op in iepenbier platform kin it yn de praktyk wol sa wêze dat hieltyd deselde minsken de boppetoan fiere. It panel fan it Frysk Sociaal Planbureau leveret in represintatyf byld, it bestiet út in dwerstrochsneed fan de Fryske befolking. It panel leveret dêrmei in represintatyf byld fan hoe't minsken yn Fryslân tsjin in beskaat ûnderwerp oansjogge. It panel is sa gearstald dat de 6000 dielnimmers in ôfspegeling fan de Fryske befolking foarmje: nei opliedings-nivo, ynkommensgroep, âldens, man/frou en regio.

It biedt lykwols allinne de mooglikheid om in miening te jaan, foar fierdergeande foarmen fan partisipaasje wurdt dus it partisipaasjeplatform ûntwikkele.

Planning en ûnderwerpen digitaal rieplachtsje

De aktuele ûnderwerpen RES/enerzjytransysje en partisipaasje steane al op de aginda fan it FSP foar 2021. Troch de PS-ambassadeursgroep demokratyske fernijing (sjoch ek by Proses foar taljochting op de ambassadeursgroep) soene binnen dy tema's items beneamd wurde kinne dy't foar jimme Steaten yn it bysûnder relevant binne. Dêrneist kin noch in ekstra ûnderwerp tafoege wurde. Op basis fan de konsept-wurklist fan Provinsjale Steaten foar 2021 en hjoeddeistige maatskiplike diskusjes lykje de neikommende ûnderwerpen potinsjeel ynteressant om foar it digitaal rieplachtsjen út te kiezen (mooglik kinne guon tema's ek kombinearre wurde): *lânskip, feangreide, wenje, bioferskaat, RES/enerzjytransysje.*

Fansels kinne jimme as Steaten ek in oare kar meitsje.

2 De Fryske tinkkrêft fia netwurken en boargerberie benuttigje

Wy wolle better gebrûk meitsje fan de maatskiplike tinkkrêft yn Fryslân troch ûnder oare oan te sluten by besteande netwurken as bygelyks Living Lab, de Uitkijkers (foarhinne Panorama 2028), de Fryske boargertop, Stichting Circulair Fryslân en kulturele en ûndernimmersnetwurken. Dy platfoarms bringe al op fernijende manieren en mei in soad enerzjy fisys en ideeën fan ynwenners, oerheden, bedriuwen en oare oanbelangjenden oer maatskiplike fraachstikken byinoar. Der binne kânsen om neie ferbinings te lizzen tusken de ferskate trajekten.

2a Untwikkelgroep: praktysk stelle wy foar út in tal platfoarms/netwurken en oerheden yn 2021 in *ûntwikkelgroep* gear te stallen. Dy groep fungearret as in wurkgroep en hat as taak om te helpen by it lizzen fan ferbinings tusken de ferskate netwurken, te ferdjipjen, te ûndersykjen, kennis te dielen en ynstruminten te ûntwikkeljen. Sa kinne oerheden en oaren daliks, al geandewei it proses, de opdiene kennis en ynsichten benuttigje en fan inoar leare. Ek dêr wurkje wy fan bûten nei binnen: wy stelle de ûntwikkelgroep gear út minsken fan oare oerheden en de ferskate netwurken. Troch de ûntwikkelgroep wurdt ek ferbining lein mei de PS-ambassadeursgroep en mei bestjoerders fan oare oerheden.

2b Boargerberie: it digitaal rieplachtsjen fia it FSP-panel biedt de gelegenheid om de opfettings fan in represintative groep Friezen te witten te kommen, mar jout harren net de gelegenheid om aktyf mei te tinken (lykas it oandragen fan oplossings). In partisipaasjeplatfoarm docht dat wol, mar inkeld digitaal en biedt gjin garânsje op represintative dielnimming. Dêrom stelle wy út de boppeneamde foarmen oan te foljen mei in *boargerberie*. Fia in boargerberie soargje wy derfoar dat net allinne de wenstige partijen ynhâldlik ynput leverje kinne, mar dat ek in dwerstrochsneed fan de Fryske befolking derby behelle wurdt en helpe kin by it betinken fan oplossings foar maatskiplike fraachstikken.

In boargerberie is in groep boargers dy't yn oerlis ta oanrekommandaasjes oer komplekse ûnderwerpen komt. Dy groep is troch 'stratifisearre lotsjen' (sa lotsje dat út alle relevante kategoryen minsken fertsjintwurdige binne) sa gearstald dat dy in dwerstrochsneed fan de Fryske mienskip foarmet. Om te soargjen dat it hiele proses iepen en transparant ferrint, wurdt it troch in ûnôfhinklike organisaasje fasilitearre. De dielnimmers geane mei inoar en mei eksperts yn petear om eachpunten oer te brêgjen en ta advizen te kommen. Opsje is foar it boargerberie in fraachstik te kiezen, dat ek by it digitaal rieplachtsjen oan 'e oarder is.

Planning

- febrewaris en maart 2021: oansluting sykje by besteande netwurken, ûntwikkelgroep ynstelle en seleksje fan twa fraachstikken/tema's foar 2021.
- april 2021 o/m des 2022: mienskiplike Fryske netwurken fersykje om mei te tinken oer tema's (twa yn 2021 en twa yn 2022). By foarkar deselde as by de digitale peilings en/of boargerberie.
- twadde helte fan 2021: eksperimint boargerberie tariede en útfiere.

3 Rol polityk/bestjoer: omgean mei eksterne inisjativen

Yn it 'Beliedsbrief grutte yntegrale maatskiplike inisjativen', troch jimme Steaten op 23 septimber 2020 oannommen, stiet in tal mooglike konsekwinsjes foar de rol fan PS, folgjend út in oare omgong mei maatskiplike inisjativen. De neamde konsekwinsjes binne:

- a. oars omgean mei belied
- b. oars omgean mei budzjetten
- c. inisjativen yntiids beoardielje
- d. fleksibel omgean mei de steatewurklist
- e. in mooglike rol fan PS yn de ûntwikkeling fan inisjativen

Understeand wurde dizze fiif aspekten yn maatregels, dy't op koarte termyn te realisearjen binne, útwurke, om de provinsjale omgong mei inisjativen te ferbetterjen:

a. oars omgean mei belied: yntegrale maatskiplike inisjativen befetsje soms komponinten dy't net ûnder besteand belied falle of dêr somtiden sels yn striid mei binne, wylst it inisjatyf breed as weardefol beoardiele wurdt. Der binne twa manieren om it inisjatyf dochs mooglik te meitsjen: belied net fan tapassing ferklearje, troch swierder wagende oare oerwagings. Of in útstel dwaan om it belied op dat punt permanint oan te passen. Konkreet is it útstel de opsjes 1) belied tydlik bûten wurking ferklearje 2) in diels permaninte beliedsoanpassing útstelle, oan in fernijd format foar startnotysjes ta te foegjen.

b. oars omgean mei budzjetten: om fleksibel op grutte maatskiplike inisjativen ynspylje te kinnen is it wichtich bredere budzjetten mei frije bestegingsromte te hawwen. It útstel om dat mooglik te meitsjen is:

1. yn budzjetútstellen budzjetten foar nije beliedswinsken (mei byhearrend(e) doel(en)) oan *bestearde* budzjetten ta te foegjen, of it moat wêze dat der gjin budzjet is dat sels mar yn de fierste fierte ynhâldlik oerienkomt.
2. dat foar budzjetten mei in langere rintiid oant minimaal in jier foar it ôfrinnen fan de termn op syn minst 10% fan it budzjet foar maatskiplike inisjativen frijhâlden wurdt.

It beweitsjen fan beide útgongspunten kin by de griffy (earste útgongspunt) en DS (twadde útgongspunt) dellein wurde.

c. inisjativen yntiids beoardielje: inisjatyfnimmers fan grutte plannen hawwe faak ferlet fan in yntiidske yndikaasje dat harren inisjatyf wol of net troch 'de polityk' ynteressant fûn wurdt. Dat freget in mear 'ferkennende' diskusje troch de polityk.

It besteande format foar startnotysjes biedt al de mooglikheid foar gebrûk om in maatskiplik inisjatyf op de wurklist te setten. Om oan it ferlet fan inisjatyfnimmers yn 'e mjitte te kommen is no it útstel om de startnotysje dêr ek echt foar te brûken. Dêrby kin ek oan it 'momint fan ferkenning', dat yn de brief oer it provinsjaal beliedsproes (d.d. 12 novimber 2019. nr. 01710677) yntrodusearre wurdt, ynfolling jûn wurde, sadat inisjatyfnimmers aktyf harren inisjatyf ferhelderje kinne (oars as troch inkeld en allinne ynsprekke).

d. fleksibel omgean mei de Steatewurklist: de winsk ta faasje en yntiidske beoardieling troch de Steaten ferget ek reewilligens om fleksibel mei de Steatewurklist om te gean. It útstel is de griffy kritearia en in

ienfâldige prosedueren ûntwikkelje te litten om in maatskiplik útstel op de steatewurklist foarrang jaan te kinnen.

e. rol Steaten yn de ûntwikkeling fan inisjativen: yn guon gefallen stelle inisjatyfnimmers in aktive ferbûnens fan politisy yn de ûntwikkeling fan it inisjatyf sels op priis. Dêrby is omtinken foar rolsuverens en ferwachtings fan belang. Troch it oanpassen fan it format foar startnotysjes foar inisjativen soe ek eksplisyt in mooglike mear ûnortodokse rol fan steateleden tafoege wurde kinne.

De aksjes dy't oanpassing fan it format foar startnotysje easkje kinne troch in wurkgroep fan steateleden útfierd wurde.

Planning

- maitiid 2021: ynstelling wurkgroep steateleden, opdrachten oan griffy en DS jaan.
- simmer 2021: wurkgroep leveret útstel op foar nij format startnotysjes. Griffy leveret útstel op foar kritearia en prosedueren foar it earder agindearjen.
- nei simmer 2021: Presidium stelt útstellen wurkgroep en griffy fêst.

4 Rol polityk/bestjoer: nije opset koälysjefoarming ferkenne

Nei alle ferkiezings is it de keunst om in foar kiezers begryplik en demokratysk proses yn te rjochten dat ta in fertrouensbasis tusken de politike partijen yn de Steaten laat. Bestjoers- en beliedsakkoarten komme yn ûnderskate foarmen foar yn it lân. Der binne trije haadfoarmen te ûnderskieden: koälysje-akkoarten, rieds-/steatebrede akkoarten en mienskipsakkoarten. By ferskate oerheden wurdt eksperimintearre mei de ferskate foarmen.

In koälysje-akkoart is de meast foarkommende, klassike foarm fan akkoart. De partijen, dêr't it kolleezje út foarme wurdt, berikke oerienstimming oer in ynhâldlik akkoart, dêr't sy harren mei-inoar foar de doer fan de koälysje-perioade oan ferbine. In rieds-/steatebrede akkoart is in akkoart fan alle keazen partijen yn de Steaten. In mienskipsakkoart is in akkoart dat alhiel of foar in part (mei) op basis fan ynbring út de mienskip wei folle wurdt. Steatebrede akkoarten likegoed as mienskipsakkoarten binne faak akkoarten op haadlinen, dy't rjochting oan belied jouwe, sûnder alle konkrete ambysjes al ticht te timmerjen. Hoe't dy akkoarten ta stân komme en útfierd wurde, ferskilt nei situaasje. De kar foar in steatebrede- of mienskipsakkoart hat faak ek konsekwinsjes foar de gearstalling fan it kolleezje, somtiden folget in iepen sollisitaasje-prosedueren foar wethâlders of deputearren.

Koartsein it doel is om te kommen ta in foarm fan koälysjefoarming dy't ta in sterkere posysje fan de Steaten laat en ta ynhâldlike koälysjeôfspraken mei in iepen karakter. In foarm fan koälysjefoarming dy't mooglik romte biede kin foar mear direkte maatskiplike ynfloed op de ynhâld fan it provinsjaal belied.

Fanwegen de kompleksiteit, de mooglik grutte ympakt en ferskillende opfettings dêroer by de polityk, is it útstel yntiids mei dat proses útein te setten. Dat nettsjinsteande dat de kommende ferkiezings noch fier fuort lykje. Dêrom is it útstel de neikommende planning te hantearjen:

- maart 2020: dialooch/ferkenning ambassadeursgroep oer draachflak foar steate-akkoart of mienskipsakkoart yn PS
- maart 2021: by draachflak wurkgroep ynstelle (part fan PS-ambassadeursgroep), foarsitterskip troch griffy
- maart 2021 o/m des 2021: wurkgroep makket útstel

**Foarkaroplossing/
Yntegrale ôfwaging** : Yn te stimmen mei boppeneamde útstellen.

Útfiering : Sjoch ûnder Probleemoplossing en Ferfolchproseduere.

**Monitoaring/
evaluaasje** : Fia de P&C-syklus, oanfolle mei gearkomsten oer spesifike ûnderwerpen nei winsk fan jimme Steaten.

Stjoering/finansjeel : Fia de ramtnota 2021 is al yn de finansjele dekking fan de útstellen foarsjoen, op basis fan de begrutting dy't yn de notysje demokratyske fernijing (taheakke I) opnommen is. Fia de P&C-syklus ûntfange jimme Steaten ynformaasje oer de fuortgong fan de útfiering fan de útstellen. Dêrby kin tuskentiden bystjoerd wurde. Nije útstellen (foar 2022 en fierder) sille meidertid yn jimme Steaten brocht wurde. De groep PS-ambassadeurs stiet noed foar mear útfierende stjoering.

Ferfolchproseduere : **Proses**
By de provinsje Fryslân leit it eigenskip fan it tema demokratyske fernijing by Provinsjale Steaten.

PS-ambassadeurs demokratyske fernijing

Troch jimme Steaten is in ambassadeursgroep demokratyske fernijing ynrjochte, dy't rjochting jout oan it proses en de aktiviteiten. Yn de ambassadeursgroep sitte fertsjintwurdigers fan de ferskate partijen.

Oanslute by konkrete fraachstikken

It presidium joech oan bestjoerlike fernijing as in langrinnend proses te sjen en wol dêrom de ynset op dit tema yn 2021 en 2022 trochrinne litte. Oanpak dêrby is om by konkrete fraachstikken, foarbylden en eksperiminten oan te sluten.

Mei achtslaan fan de útgongspunten fan de notysje bestjoerlike fernijing jouwe wy fan begjin ôf oan yn 'e mande mei mei-oerheden, ynwenners en oare partijen foarm en ynhâld oan it proses, ûnder oare troch it derby beheljen fan eksterne tinkers en saakkundigen, in breed gearstalde ûntwikkelgroep, mienskiplike eksperiminten mei ynwenners en oaren en fia it 'Frysk bestjoerlik oerlis' (bestjoerders Fryske oerheden). Dêrneist wurde ek yntern de learûnderfinings fia wurk- en kennissesjes foar provinsjemeiwurkers diel (rjochte op wurkwizen, rollen en gedrach).

Oare punten :

UTSTEL

Underwerp : **Demokratyske fernijing yn Fryslân**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan it Presidium fan Provinsjale Steaten fan Fryslân fan 13 jannewaris 2021, nr. , oangeande it Demokratyske fernijing yn Fryslân,

Oerwagende dat :

- kompleksere maatskiplike ûntwikkelingen en mear maatskiplik inisjatyf ta in oare wurkwize, rollen en kultuer fan oerheden twinge;
- de provinsje as middenbestjoer dêrta partijen yn Fryslân ferbine, stypje en ynspirearje kin ta diskusje oer de bêste wize om dat te berikken;
- de provinsje yn har eigen wurkwize ferbetterings oanbringe kin, dy't bydrage ta in krêftiger Frysk bestjoer, yntegraler en mear omjouwingsrjochte wurkjen en it funksjonearjen fan de Fryske oerheden as 1 oerheid;

Beslute :

1. Fêststellen fan de diskusjenotysje demokratyske fernijing *Fernijing yn Fryslân* as útgangspunt fan de maatskiplike dialooch;
2. Yn te stimmen mei de útstellen sa't dy by 'Probleemoplossing' (side 4 oant en mei 8) beskreaun binne:
 1. it realisearjen fan in Frysk digitaal partisipaasjeplatoarm;
 2. it benuttigjen fan panel Fryslân (Fries Sociaal Planbureau) foar it oanfoljend digitaal rieplachtsjen;
 3. it mear benuttigjen fan de tinkkrêft fan de netwurken yn Fryslân en dêrta in ûntwikkelgroep yn it libben te roppen;
 4. it útfieren fan in boargerberie;
 5. it ynstellen fan in steatewurkgroep mei as taak it format startnotysjes foar eksterne inisjativen oan te passen;
 6. it opdracht jaan oan de gryffy om kritearia en in prosedure te ûntwikkeljen foar it earder agindearjen fan inisjativen;
 7. as útgangspunt te hantearjen dat budzjetten foar nije beliedswinsken by foarkar oan besteande budzjetten op itselde beliedsfjild tafoege wurde;
 8. dat 10% fan budzjetten oant it lêste bestegingsjier frijhâlden wurde moatte foar ûnferwachte kânsen/ inisjativen;
 9. in dialooch/ferkenning yn de ambassadeursgroep oer draachflak foar steate-akkoart of mienskipsakkoart organisearje, by draachflak in wurkgroep ynstelle foar ûntwikkeling fan útstellen dêrta.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 17 febrewaris 2021,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier